PERSBERICHT

Nummer: 091 TN
Datum: 24 november 2026

Fryslân en Groningen maken plannen voor treinvervoer vanaf 2035

De provincies Fryslân en Groningen willen ook na 2035 zorgen voor goed en betrouwbaar treinvervoer. Daarbij is het uitgangspunt om het huidige aantal treinritten te behouden en het treinvervoer schoner te maken. Gedeputeerde Staten van beide provincies hebben ingestemd met de eerste plannen hiervoor. Provinciale Staten bespreken deze plannen in januari 2027.

De huidige afspraken over het regionale treinvervoer in Fryslân en Groningen lopen in 2035 af. Daarom bereiden beide provincies nieuwe afspraken voor de periode 2035 tot 2050 voor. Het doel is om het treinvervoer betrouwbaar, veilig, comfortabel en toegankelijk te houden. Ook betaalbare kaartjes, voldoende zitplaatsen en goede aansluitingen op ander openbaar vervoer blijven belangrijk.

Schonere treinen?
Op de regionale spoorlijnen in Fryslân en Groningen rijden nu nog dieseltreinen. Deze treinen zijn tegen 2035 aan vervanging toe. De provincies hebben daarom de ambitie om over te stappen op elektrische treinen met batterijen. Deze treinen laden op via korte stukken bovenleiding en rijden de rest van de route op batterijen. Uit onderzoek blijkt dat batterijtreinen op de lange termijn de voordeligste oplossing zijn. Doorgaan met dieseltreinen kost meer geld. De overstap vraagt ook om aanpassingen aan het spoor. Het Rijk werkt via ProRail aan de aanpassingen aan het spoor. Om het huidige aantal treinritten te behouden, is door stijgende kosten ook extra geld nodig.

Hoe gaat het verder?
Provinciale Staten van Fryslân en Groningen bespreken de plannen in januari 2027. Daarna werken de provincies de eisen voor het nieuwe treinvervoer verder uit. Deze vormen de basis voor de nieuwe afspraken met een vervoerder vanaf 2035.

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 091 TN
Datum: 24 novimber 2026

Fryslân en Grinslân meitsje plannen foar treinferfier fan 2035 ôf

De provinsjes Fryslân en Grinslân wolle ek nei 2035 soargje foar goed en betrouber treinferfier. Dêrby is it útgongspunt om it hjoeddeiske tal treinritten te behâlden en it treinferfier skjinner te meitsjen. Deputearre Steaten fan beide provinsjes hawwe ynstimd mei de earste plannen hjirfoar. Provinsjale Steaten beprate dy plannen yn jannewaris 2027.

De hjoeddeiske ôfspraken oer it regionale treinferfier yn Fryslân en Grinslân rinne yn 2035 ôf. Dêrom riede beide provinsjes nije ôfspraken foar de perioade fan 2035 oant 2050 ta. It doel is om it treinferfier betrouber, feilich, komfortabel en tagonklik te hâlden. Ek betelbere kaartsjes, genôch sitplakken en goede oanslutingen op oar iepenbier ferfier bliuwe wichtich.

Skjinnere treinen
Op ’e regionale spoarlinen yn Fryslân en Grinslân ride no noch diseltreinen. Dy treinen binne tsjin 2035 oan ferfanging ta. De provinsjes hawwe dêrom de ambysje om oer te stappen op elektryske treinen mei batterijen. Dy treinen wurde fia koarte stikken boppelieding opladen en ride de rest fan ’e rûte op batterijen. Ut ûndersyk docht bliken dat batterijtreinen op ’e lange termyn de foardielichste oplossing binne. Trochgean mei diseltreinen kostet mear jild. De oerstap freget ek om oanpassingen oan it spoar. It Ryk wurket dêr fia ProRail oan. Om it hjoeddeiske tal treinritten te behâlden, is troch de tanimmende kosten ek ekstra jild nedich.

Hoe giet it fierder?
Provinsjale Steaten fan Fryslân en Grinslân beprate de plannen yn jannewaris 2027. Dêrnei wurkje de provinsjes de easken foar it nije treinferfier fierder út. Dy foarmje de basis foar de nije ôfspraken mei in ferfierder fan 2035 ôf.